

Geart Aeilco Wumkes

Mozes' Dea

Tsjom, 3 jannewaris 1915

Gemeente fan Tsjom, ik bin sa dryst om jimme ta te sprekken yn 'e klanken fan ús eigen memmetaal. Ik bin dêrta komd, omdat nei myn betinken soks it wiere is en it dy wei op moat. Want yn 'e ûnderste djipten fan jimme sielsbestean wurdt suchte, bidden en jubele yn dy taal. As jimme it ynlik mei God te dwaan ha, reitsje der Fryske klanken los. Jim tearste plak yn it hert is in Frysk plak. En as dêr goed sied struid wurdt, kin it rûzje fan frucht.

Der wurdt sein dat ús taal him net lient foar de heechste dingen. Dat is net wier. Dat sil ik fan 'e moarn bewize.

En no woe 'k dat hjir as tahearder yn ús fermidden siet dy prefester út Frjentsjer, dy't fyftich jier wrotten hat om de Fryske taal yn eare te bringen, dy't it Fryske folk leard hat de eigen skatten dy't God harren joech, te leavjen, te bewarjen en der winst mei te dwaan; ik bedoel prefester Evert Wassenbergh. As dy hjir wie, soe er sizze: 'Tige, myn feint, gean mar troch op dizze wei.'

Mar genôch hjiroer. Ik moat betinke dat wy binne yn Gods hûs, dat ik hjir komd bin om de grutte wurken fan God te ferkundigen. Dêrom wol ik oanstjoere op myn ûnderwerp.

Alles wat hjoeddeis de klok slacht is de allesferdylgjende kriich. It bloedferjitten troch fjoerspuiende moardmesines hat mjitte noch roai. Dat giet mar sûnder ophâlden: safolle tûzen om kâld makke. Der is sels gjin tiid om de liken te beïerdzjen: Jit der mar petroalje oer en stek se yn 'e brân, by hûndert tagelyk!

Men wurdt der oars fan. It liket oft de minsk allinnich op 'e wrâld is om deamakke te wurden en it libben neat mear betsjut.

Misbaarlike tiid! En dat allinnich troch dat ûnbidich jeien nei macht en kaptaal, troch de Kainsgeast, dy't alle minsklikens delwâdet en oan it ein de beest spilet. Yn hokker nacht komt hjir it stjerren te stean!

Dan hat de Skrift it oars. Dêr ... wòl de dea om de sûnde, mar ek de oerwinning op 'e dea. En dat net as in redenaasje, net as in teory, mar yn it flêsk en bloed der histoarje, yn de sprake dy't der útgiet fan it gelove, dat wit te libjen en te stjerren mei God. Hjir stiet de dea yn it wiere ljocht. Dat sjogge wy by Mozes, waans útein beskreaun is yn it boek Deuteronomium, haadstik 32 fers 48-52 en haadstik 34 fers 1-7.

Mozes' stjerren stiet hjir yn it ljocht:

- I Fan Gods rjochtfeardigens,
- II Fan de ierdske ropping,
- III Fan Kanaän,
- IV Fan de opstanning.

I

Earstens stiet Mozes' dea hjir yn it ljocht fan Gods rjochtfeardigens.

Hy wie yn syn libbensjûn net in slûch, strampelich âldman. Op syn hûnderttweintichste jier seach er noch fier en klear, hie er noch in slach yn 'e rêch en wjukke syn geast mei de flecht fan in earn.

Sadat, syn stjerren liket net op it útdompjen fan in eintsje kears, mar op it útwaaien fan in helderstrieljende bôgelampe troch ien wynskuor.

Ik sis net te folle as ik Mozes fergelykje mei in ljocht, dat syn gleonte woldiedich útjit. Under it âlde Ferbûn is gjin twadde nêst him te neamen, dy't sa gemiensum mei God omgyng; dy't safolle daaie koe fan in balstjurrich folk; dy't Christus sa nei stie.

En hawar! dêr slacht Gods hân Mozes' libbenstried midstwa, mei't er tarissing makket om it doel fan syn winsken, it beloofde lân yn te tsjen. Der wurdt him hjitten: 'Beklim dit berchtme en stjer!'

Dat heart strang en wreed, en wy freegje: hokker kwea hat Mozes op syn kape?

De Skrift seit: 'Omdat er God ferûngelike hat mids yn 't folk Israël by it wetter fan Meriba.'

Mozes hie God yn 't peblyk wantrouwe. Koartlyn wie der yn it kamp grut ferlet fan wetter en dat joech in danich opskuor. Se swarden mar op, it wie syn skuld, dat se sa yn 't near sieten. 'Wêrom,' fregen se, 'ha jo ús helle út Egypte en brocht nei dizze deadske oarde?'

Dat nitele Mozes. Op dat stuit hie er wol himelfjoer op harren delsaaije wollen. Mar yn pleats dêrfan joech God him oarder: 'Sis tsjin de stienrots dat er wetter jout.' En dat koe Mozes net daaie ... 'Moatte jimme, dwerskoppen, wetter ha út 'e stienrots!' En mei bûnzen twaris syn stêf op 'e rots. Dat wie iepenlik tsjin God yngean en dwerseidzje tsjin syn genede.

Dêrfoar moast er boetsje. Want Gods leafde oantaaste is God sels tenei komme. God hie Israël op Syn noed nomd. Dat folk soe de drager wêze fan it gelove en fan de wiere godskennisse. En dêrby moast it bewarre bliuwe. En as no de liedsman fan dat folk alles mar deldompe, wêr moast it dan hinne? Hoe heger men stiet, nammerste swierder ferantwurdiging. As de hoeder wankelet, bywannear't it faai stiet, wat moat der dan fan de skiep wurde? Dan bliuwt Israël gjin Israël mear en ferskaait it yn minder as gjin tiid.

Teffens krige Mozes in leksum yn selskennisse. Syn âlde kwaal wie driftigens. Mar sa'n fjirtich jier efter de skiep yn Midian hiene him goed dien. Dy blastigens wie wat oan 'e kant rekke. Hy koe no jamk fele. En hawar, dêr stiek de slang dochs noch wer de kop omheech. Mozes koe himsels wol foar de holle slaan, dat er yn 'e jûntiid fan syn libben him noch sa fergalloppeard hie. Men kin der op rekkenje, hy hat der in groede fan oerhâlden oan syn dea ta. No hie er it wer yn ieren en sinen field, hoe djip bedoarn syn aard wie.

En as ik dit allegearre no jitrisk oersjoch en gearfetsje, dan doch ik it mei it wurd fan Jezus: 'Oan wa't gâns wat jûn is, fan dy sil jamk ferge wurde en oan wa't gâns wat tabetroud is, fan dy sil men nammerste mear easkje.' God kjiemt net alles oer ien kaam. Wa't in foarman is, sil as foarman rekkenskip jaan moatte. Wa't him útjout foar in Kristen, sil as Kristen him ferantwurdzje moatte. Wa't jamk it Evangeelje heard hat, sil dêr neffens oplêze moatte. Alles bringt syn noed mei. Wat immen sieddet, dat sil er meane. God nimt it krekt mei de sûnde. En as de rjochtfeardige amper sillich wurdt, wêr sil de godleaze en sûnder bedarje? Der is ferbân tusken sûnde en dea. Hoedanich dat ferbân is falt net sa mar út te meitsjen. Mar it is der. Noait is in minske lytser as yn it stjerren en tsjinoer grêf en ivichheid. En noait is Gods rjochtfeardigens grutter as op dat stuit. Dat seit ús it ôfreizgjen fan in grut man lykas Mozes.

II

Yn it twadde plak stiet Mozes' dea yn it ljocht fan 'e ierdske ropping.

It is ûnbetinklik grut, hoe'n gemiensume hâlding hjir oannomd wurdt tsjinoer de dea. Earst lêze wy: God sei tsjin Mozes: Klim op 'e berch Nebo, sjoch it lân Kanaän en stjer. Dat giet sa yn ien amme mar wei: berch beklimme, Kanaän sjen en stjerre, as wie dat allegear itselde. No is dat fan Gods kant begryplik. De dea is foar de Skepper fan himel en ierde in tsjinstfeint, dy't alles docht nei Syn beleaven. Mar dat Mozes dy oansizzing ek sa maklik opnimt, dat is opmerklik. Hy leit der net tsjin yn, hy is net ferbûke, hy beart net, hy makket him net muoilik, hy bidt net iens: 'Och, Heare, sparje my.' Hy hie leard syn dagen te tellen en te stjerren foar en alear't er stoar. Troch dy wei koe er it libben loslitte en dit ierdske lân goendei sizze. Hy hie inkeld noch ien winsk: dat er mèn de yntocht hâlde mocht yn Kanaän, it lân, dêr't syn siel oan hong, dêr't er hinne digere hie jierren lang, dat er neamde 'it goede lân en dat goede berchtme'. Mar God sloech dy bea ôf. Straf en stûf wie it: 'Praat my net mear oer dy saak.'

Doe hâlde Mozes him stil. Hy makke daalk risselwaasje en sloech de lêste hân oan syn wurk. Dat wurk wie syn libben. Mei hert en siel hie er as in trouwe hoeder syn folk weide, fjirtich jier lang. No moast er ek mei staasje ôfskied nimme. It lêste wat er op ierde die, wie foar syn folk. Ut it wurk yn 'e dea. Sa woe God it. Sa woe hy it ek.

En dêrom rôp er de stammen byinoar en bûn har de wetten en ynsettings jitrisk op it hert en doe seine er harren mei in wûndermoai ôfskiedsliet, in profetyske lofsang. En doe gyng er mei in 'Heil Israël, wa is as do in folk, ferlost troch Jehova,' de berch op om te stjerren.

Wie dat net in gouden oere? En tsjûget it net fan in heech libbenspeil?

De dea is hjir in fersleine macht.

Mozes hat net ompakt mei de fraach: Sil ik wol goed oanlânje? It 'ik' is hielendal wei en ferslynd yn syn ropping, yn syn wurk, yn God. As Job doar er manmoedich sizze: 'Der mei my oerkomme wat wol, ik nim myn fleis tusken de tosken en myn libben yn 'e hân, wol Er my deadzje, ik wachtsje Him ôf.'

Sa stie ek Jezus derfoar. Syn ropping wie Him noch alles, sels doe't Er oan it flokhout hong en er it goede socht foar syn moardners, foar syn mem en syn kameraat oan it krús. Sa mocht er stjerrend útrope: 'It is folbrocht.'

En sa'n libbenstrant ferwachtet Er ek fan syn gemeente. Ik tink oan de gelikenis fan 'e tsjinstfeinten, dy't har hear wachtsje. Al toevet er lang, hja nimme it net op har gemak, mar skreppre troch by nacht en ûntiid. Hja rinne mei opskoarte klean, de lantearne yn 'e hân. De ien luchtet de keamers, in oar set it itensspul op 'e tafel, in tredde leit it linnen yn fâlden. It is in bedriuwich byld fan ienfâldige beropstrou. En as dan einliks yn de stille strjitte fuotstappen heard wurde, dan steane de feinten ûnferweechlik en hâlde de siken yn. 'It sil ús master wêze!' Der wurdt op 'e doar kloppe. Ja, hy is 't. En hja rinne op him ta, dogge de doar iepen, nimme him de mantel ôf, lûke him de learzens út. En dan gean hja te koai.

Sa, seit Jezus, moatte myn dissipels yn 't spier wêze oant de lêste klokslach.

Yn 't folle harnas de Hear temjitte! Wat skoander útein!

Der wurdt soms nuver fan beard hoe'n foarrjocht it is in siikbêd te hawwen. Nei myn tinken is siik wêzen in swier stik. Net arbeidzje is libbend deagean. God mei my weinimme midden yn 't wurk, oan myn skriuwtafel, nei it fragelearen of nei de preek.

Neffens myn begryp kinne wy net better dwaan as mei God en mei eare te arbeidzjen salang't it dei is, yn pleats fan mistreastich trochinoar te rinnen. It is freugde foar God wannear't it yn syn grutte húshâlding sa geregeld mûglik tagiet, sûnder stampen en stjitten en alles oanstjoert op ien doel: syn eare en it heil fan jins neiste.

Hy mei ús op syn tiid fine, weitsjende, arbeidzjende yn it gelove, elts op syn post, mei de wittenskip dat Hy dy't trou is ek trou ferwachtet.

III

Yn it tredde plak stiet Mozes' dea yn it ljocht fan Kanaän.

Gods wil wie, Mozes soe net stjerre yn syn tint, net mei de âldsten fan it folk om him hinne, mar yn de iensumheid fan it berchtme. En sa gyng er út de flakke fjilden fan Moab allinnich, ynmoedich it steile berchpaad op. Hjir en dêr stie in earmtlike strûk, hegerop wie it bare stien. Wat is in minske tusken dizze âlde klippen!

Dêr sinkt de wrâld al djipper wei en al it ierdske wrotten en wramen liket sa neatich by dizze hege bonken stien. De bergen ferkundigje God, it ivige, de rêst boppe ús ûnrêst. En it waard Mozes wûndere rom om it hert. Gjinn inkeld ferwynt liet him mear heare. It wie oft er wâde troch in see fan godlike leafde. En dat op in deadswei!

Dêr stie er boppe op 'e top. No koe er frij syn each weidzje litte oer de wide lânsdouwe ûnder him. Dêr lei Kanaän, it lân fan 'e âffaar, ek it lân fan 'e takomst. En wat wie it him eigen, want God sels joech him in klear ynsjen yn alles: dy stille wetterspegel, de Sâltmar! dat sulveren lint, de Jordaan! dy stêd tusken de palmbosken, Jericho! dy wite streep, de woastyn fan Beërseba. En dat net as in les yn ierdrykskunde, mar as in pân fan trou. De godsstim sei: 'Ik haw der in eed op dien, dat ik Kanaän jaan sil oan 'e neiteam fan Abram, Izaäk en Jakob.' Oan hoefolle plakken, dy't Mozes mei syn eagen omfieme sieten deselde beloften fêst: oan 'e ikebeam fan Mamre, dêr't Abraham syn tinten opsloech, oan de berch Sion, dêr't er offere, oan de wijstien fan Bethel, dêr't Jakob syn himelske dream hie en oan de put fan Beërseba, dêr't er ôfskie naam fan Kanaän, doe't er nei Egypte teach. Under al de wurden dy't dêr sprutsen wiene, sette God no jitris in gouden streep, as woe Er sizze: Ik kom alles, alles nei! It moat Mozes west ha, as seach er syn folk yn dat lân al ploeien en siedzjen, rispjen en terskjen.

Mar ynienen feroare it toaniel. Hy fielde him oerbrocht nei better oarde, nei heger hichten, dêr't syn siele weide op fjilden fan sillichheid yn it selskip der ferlosten.

Sille wy no sizze: Mozes' libben is foarbygien? Nee, wy moatte sizze: it folle libben is no komd. It

stjerren is ophâlden.

En no wurdt mar oan in inkeldenien sa'n maklike oergong fan it ierdske nei it himelske lân talein en sokke berchkrunen binne hjir yn ús lân al hielendal net, mar it gelove hat krekt sa goed syn hichten mei it útsicht op Kanaän. En dêr falle ek de ôfstannen wei: wat fierwei liket sjocht men der tichteby; tichteby de ivichheid, tichteby it Heitehûs, tichteby dy't ús dêrhinne foargyngen en it hiele libben mei syn swiet en soer omklamme troch de troubeloften fan God, dy't yn Jezus Kristus ja en amen binne. Loksillich, wa't dit ferstiet!

IV

Yn it fjirde plak stiet Mozes' dea yn it ljocht fan 'e opstanning.

'De Heare,' sa wurdt beskreaun, 'beïerdige him yn in dal yn it lân fan Moab, tsjinoer Beth Peor en nimmen net hat syn grêf witten.'

Deselde God dy't wekke oer Mozes, doe't er yn it lytse arkje lei op 'e weagen fan 'e Nyl, soarge ek diger foar syn biente. Hy die gjin heal wurk. De ferlostesiel nei it freugdelân, mar ek it lichem op in feilich stee! Want dit lichem, it pronkstik fan 'e skepping, wie ek fan God; dêr siet ek Syn eare oan fêst. Wa koe it dan better bewarje as Hy?

As dat biente ris fallen wie yn minskene hannen, soe it útrûn wêze op ôfgoaderij. Israël soe der in Mozestsjinst fan makke ha.

It brief fan 'e apostel Judas skriuwt oer strideraasje tusken de aartsingel Michaël en de Satan om it lichem fan Mozes. Dat is net in apokryf teltsje, mar apostoalyske wysheid. It hie duvelderij, oars net, wurden as it folk fan Israël Mozes te hôf brocht hie. En hja sille war genôch dien ha om him te finen, lykas de profetesoannen fan Jericho trije dagen socht ha om Elia syn oerskot. Mar it grêf is net fûn. God sels hie de kaai. En dy hat Er net fergetten. Op syn tiid is dat grêf ûntsegele. Doe't Jezus op 'e berch stie en fan oansjen feroare en syn klean blinkende waarden, oerwyt lykas snie, ferskynde him Mozes. Syn toar biente wie yn it berchhoal fan Moab siedde om hearlik foar it ljocht te kommen. En wêr? Yn Kanaän. Yn it lân, dat er net betrêdzje mocht, mar dêr't er dochs ynkaam. Mar no mei ik dan ek predikje: it âlde is foarbygien en alles is nij wurden. Ferjûn de sûnde, fersoene de skuld, ferslein de dea, ferneatige it bedjer! Op 'e berch, dêr't Jezus stiet, hearsket inkeld genede, opstanning, oerwinning. Dêr strielet it ljocht fan 'e skeppingsmoarn.

En lit ús yn dat ljocht no sjen ús tsjerkhôven en de grêven fan de sillige sibben en freonen, dy't ús foargyngen. Har oerskot leit dêr. En it is allegearre mistreastich wat it each dêr oanskôget: in hânfol kneukels en rustige spikers. Mar yn spyt fan alles hâldt it gelove hjiroan fêst: dit ferdjerlike moat de ûnferdjerlikens oandwaan.

En no freegje ik: 'Binne dea en grêf jit sa mankelyk?'

As it libben mei Kristus skûl hat yn God, nee! Mar as men inkeld hinget oan 'e wrâld, dy't mei al syn skatten op in ein rint, dan ja!

Hear, bewarje ús by it gelove. Amen.